LEEUWARDER COURANT
05 juni 2013, pag. 18

tegast

Kom mar op mei dy standert!



FOTO LC/NIELS WESTRA

De ôfrûne tiid is der in soad skreaun en wreaun oer de staveringswizigings en ek de standertwurdlist dy't dêrop folgje sil. Wa't de kranten en de sosjale media yn 'e gaten hâldt, kin wolris fan tinken wêze dat elke Fries der poer op tsjin is. Dat is lykwols net it gefal, it wurdt tiid ek dat lûd hearre te litten.

Nei myn betinken falle de staveringsferoarings wol in slach ta. It is in kwestje fan efkes wennen, dy fan 1980 hawwe wy ek mei-inoar oerlibbe. Mei't it foar de Frysk-learder dêrtroch ienfâldiger wurdt om de stavering oan te learen, kin ik allinnich mar foar wêze. Hoe dan ek moat ien dochs (ek al praat er al Frysk) wenne oan it Fryske wurdbyld. Yn it Frysk hawwe wy 'gaos' en 'kompjûter', mar ek Fryskeigene wurden komme studinten fakentiids nuver oer. Dus dat se 'drûch' skriuwe moatte yn stee fan no noch 'droech' moat net oerdreaun wurde. Benammen net om't 'hjoed' bestean bliuwt, fanwegen it feit dat it in twalûd is. Ik soe sizze, helje ek mear bonkjes derút, wêrom wol 'elitêr', mar net 'kolbêr'?

Dat alles as fûnemint foar in Standertwurdlist, dêr't ik in grut foarstanner fan bin. Wy hawwe yn it Frysk te krijen mei in soad dialektysk ferskaat dat de tsjinstanners graach sa hâlde wolle. Yn de sprutsen taal sil dat grif bestean bliuwe, mar wêrom moat it ek skreaun wurde? Ik wurd suver gek mei't ik hast by alle foarmen sizze moat dat in oare foarm ek kin. Dêr sit ik as ûnderwizer net op te wachtsjen, mar de studinten ek net. Didaktysk folle handiger om harren ien foarm as de goede oan te learen. Wy skriuwe al 'ûnmooglik', mar de measten sille 'onmooglik' sizze, net ien dy't dêr oer falt. Wat nukt it dan oft wy 'rûmte' skriuwe en de helte fan de Friezen dy't wend is 'romte' te sizzen dat sa oanhâldt. Dêr hoecht de stavering net fuort oan ôf te dwaan. En oars ek mar al. Itselde jildt foar alle foarmen fan it ôfslutend mulwurd 'naam/nommen/nomd' om mar ien foarbyld oan te heljen.

In standert jout ús in middel om de fûleinige ynterferinsjes út it Hollânsk tsjin te gean, en krekt dêr moatte wy de 'fijân' sykje, net by de mannen fan de Fryske Akademy. Wy hâlde likegoed mei in standert in pracht fan in taalrykdom oer. Mei in standert soenen wy just dy rykdom bewarje kinne, mei't wy foar it ûnderwiis in didaktysk sterk ynstrumint hawwe. Foar de Provinsje de taak om de kommende tiid fierder te ynvestearjen yn it ûnderwiis!

GEART TICHELAAR

Dosint Frysk oan de Pabû fan Stenden Hegeskoalle, lesjouwer by de Afûk, bestjoerslid Feriening Frysk Underwiis